

Pyksetter

BISPREK

piter boersma



It libbet mar amper. Durk van der Ploeg; Gurbe-rige nûmer 13; BV Friese Pers, Ljouwert 1976.

Yn it boek **It libbet mar amper** fan Durk van der Ploeg is it thema de geastlike striid dy't immen fiere moat as er konfrontearre wurdt mei it feit dat er de gefolgen fan in forkearsûngelok lichaamlik net to boppen komme sil en syn libbenspartner it ûngelok net oerlibbe hat.

It perspektyf leit yn dizze roman by in bûten it forhael steande forteller. Troch him komme wy to witten hwat Arend Jongsma tinkt, fielt, sjocht, docht en seit, hwat de minsken om him hinne (dokters, susters, syn twa dochters, oare patiënten, in dûmny, ensfh.) tsjin Arend sizze, hwat Arend sjocht dat se mei him, Arend, dogge. Der komme lykwols yn it boek ek passaezjes foar dêr't Arend net yn foar komt, d.w.s. net as hanneljend persoan, soms wol as ûnderwerp fan petear, of persoan dêr't gedachten oan wijd wurde. De forteller keart dan syn eagen fan Arend ôf en freget it omtinken fan de lêzer foar de wrâld om de man hinne (foar minsken dy't de sikeauto's dêr't Arend en syn frou ynlizze foarbyfleanen sjogge, side

7 en 8, foar de dokters dy't Arend bihannelje, side 9 en 10 en 74 oant en mei 78, foar susters dy't Arend forsoargje, sa as op side 11 en 12, en 13 en 14, foar famylje en syn beide dochters, side 13, foar in dûmny, side 45, en 187 en 188, foar it feit dat de twa famkes dy't de sikeauto's sjoen hawwe mei forbrânde rêgen op bêd moatte, side 11, foar it tûn fan it sikehûs, side 26). It draeit yn dizze roman om Arend, net om dokters, susters, de man syn bern, in dûmny, ensfh. Oer harren hie de lêzer dan ek allinne mar dat gewaer wurde moatten hwat Arend fan harren heart en hwat hy sjocht dat se dogge. De forteller hie net meidiele hoegd hwat der mei Arend bart of hoe't er der hinne leit as er noch biwusteas is of op stuiten dat er sliept. De forteller hie him allinne dwaende hâlde moatten mei saken dêr't it biwustwêzen fan de man diel oan hat. De passaezjes hweryn't de forteller oars docht falle bûten it bistek fan it boek. Troch de oanwêzigheit fan dy passaezjes hat it boek hwat twaslachtichs krigen. It liket der op as hat Van der Ploeg net allinne foar eagen stien de lêzer yn 'e kunde to bringen mei Arend Jongsma syn problematyk, mar los dêrfan ek mei de réaksjes fan minsken op in ûngelok, mei gedachten fan dokters en susters en harren beuzichheden, mei hwat der mei patiënten bart, hoe't se der hinne lizze.

Sa as ik it sjoch hat it biskriuwen fan de réaksjes fan lju dy't de sikenauto's fleanen sjogge yn elk gefal ek ta doel al fêst réaksjes fan meilijen en meilibjen by de lêzer los to krijen. Hjir folgje twa

sitaten om sjen to litten hoe sentimenteel as ús forteller der hinne eamelje kin: *De memmen pakke de bern by de hân, kjel dat se wurden binne fan de sikeweinen. Alle dagen ride se foarby, mar net lykas dizze jeije en dêrby twa tagelyk.* En: *Elk praet der fan dat der in ûngemak bard is. It duorret allegear mar even, dan nimt it libben syn gewoane loop wer, as is der neat bard.*

Op side 14 tinkt suster Tsjikke: *Hy wit noch neat fan hwat der bard is. Hy sil fan nou ôf oan foar himsels it forhael opbouwe moatte fan hoe't it allegear bard is. Hy sil yn it fierdere fan syn libben mei greate riedsels omtôgje en himsels fragen stelle dêr't er gjin antwurden op hat. It liket my ta dat it melding meitsjen fan dizze gedachten ek ta doel hat om de lêzer al fêst yn 'e kunde to bringen mei hwat folgje sil. Hwat ik hjirnei oanhelje (to finen op side 19) liket dyselde funksje to hawwen: *-Hwer bin ik hjir? ropt er. -Hwat is der gebeurd? Fragen dy't er himsels stelt om in bigjin to krijen oan in lang forhael, dêr't er yn it fierdere fan syn libben noch lang oan werom tinke sil, en dat as in groede yn syn geheugen bliuwe sil.**

Mar boppedat leau ik dat dizze beide passaezjes ek, krekt sa as dat foar hwat der op side 7 en 8 stiet jildt, ta doel hawwe meilibjen en meilijen by de lêzer los to krijen.

Dizze pathetyk hie de skriuwer út it boek weilitte moatten.

Tusken heakjes, de gedachten fan suster Tsjikke komme my net oannimlik foar en it is fansels net wier dat Arend Jongma freget: *Hwer bin ik hjir?* en: *Hwat is der gebeurd?* om in bigjin to krijen oan in lang forhael . . .

Is it Van der Ploeg, nou bûten biskôging littende hwat hjirboppe oan 'e oarder kommen is, slagge oer it yn 'e oanhef fan it bisprek neamde thema in slagge roman

to skriuwen? Nei myn bitinken net. Van der Ploeg is der net yn slagge op in oannimlike wize earne op ta to wurkjen. Men kin sels stelle dat er yn wêzen nearne op ta wurke hat. Oan 'e foarlêste side ta bliuwt Arend syn geastesgesteldheid gelyk, komt er mei syn gedachten gjin stap fierder yn hokker rjochting dan ek. Ut it (hookstrookse) slot fan it boek (de lêste oardel side) docht bliken dat de skriuwer al de bidoeling hawn hat earne op ta to wurkjen. Men moat ta de konklúzje komme dat er net goed greep op syn stof krije kinnen hat.

It sintrale gegeven yn 'e roman is de ûnwil fan Arend om better to wurden, om fierder to libjen: hy wol dat net, om't er net as invalide troch it libben wol en om't syn libben troch de dea fan syn frou in leechte wurden is.

It boek stiet fol mei (eamelige) petearen hweryn't de man omtrint oars neat docht as kleije, kankerje en sinyske en misantropyske opmerkingen meitsje.

It docht gjin nij dat er fan de sikehús-wrâld wearzget. Dy wearze kriget binammen stâl troch de wize hwerop't syn mei-patienten en harren dwaen en litten biskreaun wurde.

In oar gegeven is it skuldgefoel dat de man hat: it auto-ûngelok is troch him foroarsake. It hiele boek troch hellet er him it momint fan it ûngelok foar de geast of dreamt er der fan.

Yn 'e hâlding fan Arjen foar syn site-waesje oer sit gjin ûntjowing, nettsjinsteande it feit dat er op 't lêst dochs yn in karke sitte kin, op in stuit syn tean even biwege kin, en safier komt dat er spier oefeningen dwaen kin yn 'e revalidaesjeseal. Mislearre selsmoardpogingen en in pear ynsinkingen liede ek net ta foroaring. De saek komt net yn biweging. It barren biweecht him net yn in bipaelde rjochting.

It wurdt al gau dúdlik dat foar Arend

de rêdding leit yn in nije leafdesrelaasje. Der moat in forfangster komme foar Addy. It spitige is nou dat Van der Ploeg der net yn slagge is it forhael op in oannimlike wize yn dy rjochting op de ien of oare manear út to wurkjen.

Wy sille sjen hwat Van der Ploeg der fan makke hat.

Arend hunkert nei leafde: Hy sjocht nei moaije en leave susters. Op ien, suster Hanny, hat er it bigrepen. Dy flústert er op side 70 ta: *Ik hâld fan dy.*

Op side 34 stiet: *Ik ha net genôch fan har* (Hy bidoelt syn frou. P.B.) *hâlden, tinkt er. Ik ha har ûntrou west, doe't ik mei Elly gyng. Ik ha it har noait fortelle kinnen. Se hat it noait witten. Dy skuld sil ik my net fan ûntlêstige kinne.* Fan dizze Elly kriget er in kaert (side 38). Syn réaksje is (side 39): *Troch sa'n stomme rotkaart fan Elly wurd ik konfrontearre mei myn forline. Nou moat ik myn boargerlike skuldgefoelens goedprate. Se hat it witten, dat se my dêr mei reitsje koe. Se wit dat ik hjir yn ûnmacht liz. Dit is har wraek, omdat ik net tomjitte kaem oan har forlangens.*

Op side 136 kriget er dan ynienen bisite fan dizze Elly. Se wol, nou't Addy dea is, op 'en nij har kâns weagje by Arend. Dat kin lykwols neat wurde. Arend sit mei syn skuldgefoel en, seit er tsjin har (side 143): *De konkurrinsje is fuort. As Addy der noch west hie, hie 'k stapel op dy west. Ik bin in jager.* Ja, je hâlde it net foar mooglik, mar it stiet der. Is 't net hwat.

Op side 150 lêze wy dan dat Arend yn 'e revalidaasjesaal in frou, 'de dûnkere frou' sa as er har yn gedachten neamt (har hier is swart), achter in loopfytke rinnen sjocht. Mei dizze frou kriget er each-kontakt. Se wiuwe nei inoar. (Sy mei him dus ek wol lije). Komt der nou dan dochs biweging yn de saek? Né. Hy tinkt oan de frou, skriuwt har

in briefke dat er wer forskuort, rydt op in nacht troch de gongen op syk nei har, dat wol, mar hy komt net mei har yn kontakt, der komt gjin kear yn 'e sitewaasje, alles bliuwt gelyk: Arend syn ûnwil bliuwt, hy kriget wer in ynsinking, bisiket himsels wer fan kant to meitsjen . . . Mar dan ynienen op 'e lêste oardel side dochs noch in happy-end: Arend moetet de dûnkere frou tafallich by in fiver en inoar in tût jaend ride se (sy sit ek yn in karke) it forhael út.

It is dúdlik, fan de 'Hanny affaire' is neat makke, de 'Elly affaire' en de 'dûnkere frou affaire' likemin, dy ploffe sa mar ynienen de roman yn, binne der net op in oannimlike wize yn forarbeide, hingje der by.

Van der Ploeg hie it gedichteskriuwen fan Arend better fuort litte kinnen. It foeget út noch yn net in diminsje oan 'e man ta, it funksionearret net. It makket de saek fansels wol folle ynteressanter, ek dat op side 192 Arend fan syn dochters de Samle Fersen fan Obe Postma kriget. Dy Samle Fersen hawwe mei gjin inkeld ding yn 'e roman hwat to krijen. Hwerom stiet der net gewoan dat er in boek kriget?

Goed binne eins allinne dy passaezjes hweryn't Arend in ynsinking hat, yn 'e hal fan it sikehûs troch it rût sit to sjen of nachts troch de gongen rydt. Dan skriuwt van der Ploeg proaza mei sizzenskrêft — dus as er sitewaasjes fan forfrjemding stâl jowt. Hwat der yn de oare passaezjes troch him op it aljemint brocht wurdt 'klinkt' faek hol, hinget gauris nei it drakerige oer.